


't Skieppesturtsje

Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.



34e fiergong - nûmer 1, febrewaris 2011



Durk Breeuwsma
loonbedrijf & kraanverhuur



Stekt foar jo de hanner út de mouwen



Meer weten? T 06 53 88 61 49

E info@durkbreeuwsma.nl • I www.durkbreeuwsma.nl
Westerskatting 4, 8614 AP Oudega (W)

balen persen en wikkelen • hekkelen • sleepslangbemesten • kraanverhuur
transport met oprijauto • zand-, grond- en g handel • grondverzet

**GIETEMA**

EXMORRA - TJERKWERD

FOURAGE - AGR. WINKEL - TRANSPORT
Tel. 0515 - 576633 - 579156 Fax 0515 - 576644
www.gietema-fourage.nl



Niets is qua voeding voor uw
knaagdier zo perfect als de oor-
spronkelijke natuurlijke omgeving.
Daarom adviseren wij voer van
GARVO voor uw knaagdier.




Diverse soorten bijv.:

- cavia met rozenbottel 800gr € 3,40
- hamster en rat met dierlijk eiwit 800gr € 3,40
- muis en degoe met groente 800gr € 3,40
- konijn en dwergkonijn met prei 800gr € 3,40



't Skieppesturtsje – 34^e jiergong – nûmer 1, febrewaris 2011



Redaksje-adres:

Mireille Galema
Dyksicht 2
8765 LX Tsjerkwert
 0515-579338

e-mail : mjryedema@hetnet.nl

Redaksje :

Gerben Wijnja
Sylroede 4
0515-579348

Anneke Feenstra
Bolswarderweg 1a
0515-577117

Riemkje Lemstra
Sylroede 5
0515-579706

Fokko Rollema
Singel 8a
0515-579051

Stinsilwurk :
Praktijkschool de Diken Sneek

Foto omslach :
Gerben D. Wijnja

*'t Skieppesturtsje is de doarpskrante fan
Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante
wurdt hûs aan hûs besoarge troch de
redaksje.
De krante kin bestean troch frijwillige
bijdragen fan de lêzers.*

Inhoudsopgave

Inhoudsopgave	2
Vrijwillige bijdragen	2
Van de redactie	3
Nieuws van stichting It Waltahûs.....	3
Skieppesturt 2010 foar EHBO kaderynstrukteurs en wurkgroep Kunstrijk Tjerkwert	5
Nieuwsflits van dorpsbelang Tjerkwert e.o.....	8
Fan de iisclub Tsjerkwert	9
Thomas Burghgraef & Zn. kampioen prikslydsje	12
Muzykferiening Eensgezindheid	13
Kolleksjes hear en vrou Mulder hast teplak.....	14
Histoaryske stemdei.....	16
Fotoimpressie Tjerkwert, priksleeën & uitreiking Skieppesturt	17
ÚS BERTEPLAK TSJERKWERT	21
In neimiddel foar Krystjûn	28
Bedankt	30
Even voorstellen	30
Koken met Riemkje	31
Een feestelijk project en zeer geslaagde tour	32
Zeer veel dank	33
WMO-adviesraden blijven voorlopig bestaan.....	33
Wünseradiel finito.....	35
SNYPSNAREN	36

Vrijwillige bijdragen

Vrijwillige bijdragen zijn ontvangen van;

W. Poelstra Degdum; J. Kroontje; D. Bruinsma; A. de Haan Bolsward; A.M. Galama-Ypma; Reitsma en Reitsma Den Haag; D. Poelstra Degdum; S. Breeuwsma e.o.; F. Mulder Gorredijk; S. Hiemstra e.o.; B.R. Bakker; U.B. Wiersma; T. Twijnstra Hellendoorn; Y. en S. Witteveen; B. en N. Walsma; B. Bakker e.o. ; R. van der Wal Degdum.

Namens de redactie, heel hartelijk bedankt voor uw bijdrage!

Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding "Bijdrage it Skieppesturtsje" en het jaar waar het betrekking op heeft.

Bankrelatie; ABN/AMRO bank Bolsward, rekening nr. 84.76.68.398.

Van de redactie

Beste Skieppesturt-lezers,

Het jaar 2011 is alweer ruim een maand oud, toch willen we iedereen nog een goed en gezond jaar toe wensen.

In deze afgelopen maand is er ook alweer veel gebeurd in het dorp.

De uitreiking van de Skieppesturt aan 5 mensen die dit weer oprocht verdien hebben door/voor hun inzet in ons dorp. Ook willen we hierbij Rients van Buren bedanken voor de Skieppesturten en het lenen van de vachten. Het was een gezellige avond, die tot in de kleine uurtjes duurde.

Ook hebben we de playbackshow weer genoten, het was klasse wat iedereen heeft laten zien.

Kortom het jaar is weer begonnen en we hopen dat er nog veel gezellige activiteiten zullen volgen.

Veel leesplezier!

Riemkje Lemstra.

NB. In de volgende Skieppesturt vindt u het interview met Akke Gietema trotse winnares van de Skieppesturt 2010

Nieuws van stichting It Waltahûs

Hier weer even een stukje van het bestuur van It Waltahûs. Allereerst de beste wensen voor 2011 toegewenst namens de stichting!

Ook in 2010 hadden we helaas weer met een inbraak te maken, dit net nadat het Waltahûs weer hersteld was. Gelukkig is dit nu ook allemaal weer gemaakt.

Een korte terugblik van wat er dit seizoen tot nu toe georganiseerd is:

Op 20 november hadden we 2x een volle bal namelijk 's ochtends toen de Sint en Pielen langs kwamen en s' avonds bij de talentenjacht. De opgave hiervoor kwam eerst langzaam op gang maar uiteindelijk waren er toch 13 optredens. Naast creatief talent blijkt Tjerkwerd ook veel zang talent te hebben want datgene wat ten gehore werd gebracht was erg goed. Een speciale vermelding voor ons jongste zangtalent Jesse Boomkamp met zijn beatbox nummer.

Nadien vaak gehoord "als ik dit had geweten had ik ook wel mee willen doen..." dus bij een volgende keer nog meer opgave.

De kerststukjes zijn dit jaar op 11 december gemaakt. Ook dit jaar weer in eigen beheer opgezet en hadden Heleen, Afke en Janneke met hulp van Thea en Mira van alles gekocht, gezocht en voorbereid en zijn er mooie kerststukjes gemaakt.

Andere jaarlijks terugkerende zaken zoals 60+ soos en kerst klaverjas hadden we ook weer evenals het winterconcert van het Korps.

Op 31 december konden de carbid schieters en toeschouwers 's middags terecht in het Waltahûs voor oliebollen en bier en 's avonds op verzoek iets eerder geopend namelijk vanaf 10 uur tot in de kleine uurtjes.

Zaterdag 8 januari was het een erg gezellige en geslaagde Nieuwjaarsba lmet leuke muziek van de 4B's. Naast de Skieppesturt uitreiking was er ook de bestuurswisseling: Heleen heeft ons verlaten en Wieneke Rijksen komt onze club versterken.

Eerst was Heleen belast met de secretariële activiteiten en later heeft ze altijd goed op onze centjes gepast. Heleen, heel erg bedankt voor alles wat je in al die jaren voor het Waltahûs gedaan hebt!!

Zaterdag 29 januari vond de Playbackshow plaats, het was weer een volle bak en een bere-gezellige avond. Op de foto de winnaars



De jaarlijkse vrijwilligers avond zal op 19 maart gehouden worden met als thema "Bekende Nederlanders". We zullen de rode loper uitleggen voor onze eigen BT'ers dus pas je kleding hierop aan.

Verder nieuws over deze activiteiten kunt u zoals altijd tezijnertijd op de M.A.T. lezen.

In ieder geval veel plezier en gezellige avonden toegewenst namens het bestuur..!!!

Skieppesturt 2010 foar EHBO kaderynstrukteurs en wurkgroep Kunstrijk Tjerkwerd

**“Dan moat je in hiele protte tute
dy’t jo net lije meie!”**

Sa earlik as goud, fertelt Hinke Twijnstra it dy jûns yn it boppesealtsje fan it Waltahûs at se krekt dêrfoar de Skieppesturt kriegen hat. Alle jierren krije minsken dy’t de heechste ear fan ’t doarp fertsjinje in Skieppesturt mei oarkonde oanbean foar alle goede dingen dy’t hja by de ein hân hawwe. En dat giet al sa sûnt 1978 doe’t ús ferneamde doarpsomropper Freerk Schakel him krite. Sûnt dy tiid wie it alle jierren wer raak. Soms in ienling, dan wer twa of sels in hiele groep. Hiel inkeld krite in persoan him foar de twadde kear. Mar dat is in útsûndering. Nea earder kriegen lykwols twa groepkes DE STURT, sa’t er koartsein ek wol neamd wurdt.

De redaksje fan ’t Skieppesturtsje hie der dit jier foar keazen om in koarte ienakter te bringen. Dêryn wie in stikje skiednis fan it tawizen en útrikken fan DE Sturt ferwurke. Lang om let bedarre it praat by de minsken dy’t him it ôfrûne jier fertsjinnen. En dat lei in bytsje dreech, sa’t fierderop bliken docht.

EHBO korifeeën

Oer twa minsken wie de kommisje is follein iens. Akke Gietema-van Wieren en Hinke Twijnstra-Terpstra wienen yn it ôfrûne jier 40 jier by de EHBO ôfdieling Tsjerkwert en boppedat 20 jier kader ynstrukteur. Dêrfoar hiene hja fan it distriktsbestjoer EHBO Fryslân al de grutte sulveren medalje kriegen mei in oarkonde en waarden hja ek noch beneamde ta earlid fan EHBO Tsjerkwert. Mei de Skieppesturt derby is it “driemaal scheepsrecht”. Wol spitich wie it dat Akke der troch omstannichheden net by wêze koe, mar dat waard letter noch goedmakke. It twatal stiet der om bekend dat hja it wurk foar de EHBO mei in protte wille en ynset dogge. Dêrtroch is it altyd gesellich en is de groep foar in doarp as Tsjerkwert mei mear as 50 persoanen tige grut, seldsum grut sels. Dat makket it ek dat de tawizing sa op syn plak is.

"Kunstrijk Tjerkwerd"

De twadde groep dy't yn 'e prizen foel wiene de mannen Michiel de Jong en Anne de Vries fan Kunstrijk Tjerkwerd. Hja waarden priizgje om harren grutte ynset foar it slagje littent fan in moaie keunstútstalling yn de St. Petrustsjerke dy't mar leafst 1200 minsken oer de tsjerkedrompel helle om yn de kunde te kommen mei de faak ûnferwachte keunstskatten dy't keunstners en oare ambachtlike wrotters út Tsjerkwert sjen lieten. Foaral ek om't al dy kreative minsken as in kollektif harren presintaasje beskikber stelden. De oandachtige lêzer sil yn dit lêste groepke in namme misse: Gerben Wijnja, mar dy sit yn de redaksje ek kin de Sturt dus net krije. Dat fûn en tocht er sels ek, mar hy hie bûten de ienriedigens fan de oare kommisjeleden rekkene, want dy hiene achter syn rôch om besletten dat hy ek in Sturt fertsinne. Folslein ferrast wie er, mar elkenien fûn dochs dat ek hy ien ha moast. Kunstrijk Tjerkwerd is en wie it wurk fan dit trijekaart, dat sadwaande waard op de rigel mar ris in



útsûndering makke.

Neiprate yn it boppealtsje

Nei de sjampanje setten de nagelnije Skieppesturten mei de redaksje nei de boppekeamer fan it Waltahûs ta om dêr noch in skoft rêtstich nei te praten. Hinke hat it dan oer in "moaie libbensynfolling" as de EHBO oan de oarder komt en har man Jelle knikt ynstemmend as Hinke witte lit dat hja noch lang

net har nocht hat. Jelle: "Se is der ris út no en dan komt se altyd mei in goed sin thús en mei in patatsje!" De sfear is delset yn it boppesealtsje as wy sa oan it neipraten binne. Fansels komt de geheimsinnigens oer de oanrin nei de útrikking ta op it aljemint. Want hoe krije jo minsken op it nijjiersbal dy't men dêr ornaris net oantreft. Net elkenien is feestfierderich oanlein en Hinke seit it treffend: "Dan moat je in hiele protte tute dy't jo net meie." De groep leit dûbeld fan it laitsjen, mar hastich lit se der op folgje: "Lokkich binne der net in soad dy't ik net lije mei." En dêr kin elkenien wer hiel goed ynkommie. Hinke fertelt ek dat hja 40 jier ferlyn heechswanger wie doe't se mei fiif buorlu út Ymswâlde útein sette. En it hat nea ferfeeld: it wie gesellich enlearsum.

Michiel de Jong ferhellet oer it ûntstean fan "Kunstrijk Tjerkwerd". De tsjerke woe wat werom jaan oant it doarp om't de bewenners sa rynsk bydragen jûn hiene foar de restauraasje fan de St. Petrustsjerke. Sa kaam it plan om keunstners in poadium te jaan foar in eksposysje. Dérby wie it wol de bedoeling dat elkenien dy't yn it doarp wat mei keunst hie, meidwaan mocht. It moatst in kollektif ündernimmien wurde. "Wy hea yn it begin net witten wer't wy oan begûnen." Michiel krijt byfal fan Anne de Vries. "Wy fregen wol wat fan de keunstners en woennen der ek gjin rommeltsje fan meitsje." Neffens Anne is kwaliteitseasken stelle normaal en dus waard alles út de kast helle om yn alle opsichten mei in útstalling te kommen dy't besjen lije koe. En dus brutsen der tige drokke tiden oan foar de kommisje, mar achterôf kin steld wurde dat it slagge is sa't men it graach ha woe en dat it de ynset absolút wurdich wie. As tank foar it brûken fan de tsjerke hat de hearen fan de kommisje de tsjerke noch in prachtige lamp skonken foar yn de hal. Ek lieten hja witte dat der in ferfolch oan jûn wurde sil. Mar dat wurdt dan yn in oare foarm getten. Jo komme der grif mear oer te lêzen yn de kolommen fan ús doarpsblêd.

Gerben D. Wijnja



Nieuwsflits van dorpsbelang Tjerkwerd e.o.

In 2010 is er o.a. een begin gemaakt met het opknappen van de Waltaweg en een begin gemaakt met de fietstunnels.

Ook dit jaar willen we ons inzetten voor het dorp.

De Speerpunten van 2011 zijn:

- Oplevering van de tunnels en Waltaweg en openingsfeest van de Waltaweg
- Nieuwe rol van dorpsbelang ten opzichte van de nieuwe gemeente
- Het schrijven van een nieuwe dorpsvisie
- Opknappen bestrating speeltuin
- Nieuwe impuls nieuwbouw
- Realisatie kleedruimte sportveld

We waren blij met de grote opkomst op de jaarvergadering van 26 november 2010. De avond begon met een presentatie **nieuwe gemeente** door dorpen-coördinator H. Boerrigter en Y. Sieswerda. Mevrouw Sieswerda is per 2011 onze nieuwe dorpencoördinator.

We bedanken Hedwich Terpstra voor haar inzet 4 jaar lang en er zijn geen bezwaren voor Betty Jellema als nieuw lid. Van harte welkom Betty!

Ook geen bezwaren voor Rob Dijkstra en Bouwe Speerstra als herkiesbaar lid.

De verschillende giften van Windkracht 10 zijn:

Oranjevereniging 750 euro

Fitnessclub 150 euro

EHBO 500 euro

IJsclub 150 euro

Soos 150 euro

Sportveldcommissie 150 euro

Kaatsvereniging 10.000 euro voor gebouw

Korps 1975 euro

Dorpsbelang/speeltuin bestrating 3500 euro

Dorpsbelang Tjerkwerd e.o.: Rob Dijkstra, Bouwe Speerstra, Astrid de Boer, Betty Jellema, Elma Draisma, Theo Galema en Robert Tiesmå.

Fan de iisclub Tsjerkwert

Hurdrierij yn Tsjerkwert

Kening Winter is dit jier betiid sadat iisklup Tsjerkwert freedtejûn 2 desimber al in westriid foar grutten útskriuwe koe. Middeis is der noch hurd wurke om jûns alles goed foarmekoar te krijen. In tintsje opsette, muzykinstallaasje pleatse, de baan hielendal oppoetse. It waar wie moai en de iisbaan lei der prachtich by.



De wedstriidlieders en starters wienen der ek hielendal klear foar. Bertus hie der spesjaal in nije mûtse foar opsetten. Dêr lei it allegear net oan. Miskien kaam it dat Sinteklaas der hast wie en dêrom wat minder dielnimmers op'e baan stienen. Dat dochter der ek net ta, de striid wie der net minder om.

De earsten dy't starten wienen **de jonges en famkes o/m 15 jier**. Omdat Kim Boomkamp as iennichste famke yn har kategory wie, is sy by de jonges pleatst. Sy moatst it direkt opnimme tsjin Roel Hekkema. Dit wûn Roel. Robin Bijlsma moatst tsjin Klaas-Jan en dit wûn Klaas-Jan Haytema. Thomas wûn it fan Sven Bijlsma. De striid tusken Klaas-Jan en Roel wie tige spannend. Sy moasten 3 kear tsjin elkoar ride. Roel wûn dit en moast tsjin Thomas Huitema yn'e finale. De finale waard troch Roel wûn. **De útslach: 1^e Roel Hekkema, 2^e Thomas Huitema en 3^e Klaas Jan Haytema.** Trochdat de dielname yn bepaalde kategoryen net sa grut wie waarden der nei ien rit mei in oare kategory starten. Hjirtroch koene de dielnimmers wat mear bekomme. Foar de starters kaam dit wol mear op'e holle oan.

Bij de **frouljú van 16 o/m 19 jier** wienen der twa dielnimmers. Jacobien Postma en Freerkje Walsma gienen de striid mei elkoar oan. Hjir kaam Jacobien as beste út de striid. **Útslach : 1^e Jacobien Postma en 2^e Freerkje Walsma.**

By de **frouljú fanôf 30 jier** wienen der ek mar 2 dielnimmers. Thea Zijsling en Hotske Burghgraef. Thea wûn foar de 3^e kear de beker. Yn 2000, 2002 en no ek yn 2010. Hiel goed. **Útslach: 1^e Thea Zijsling en 2^e Hotske Burghgraef.**

By de **manlu fan 16 o/m 34** jier wienen de measte dielnimmers nl. 8. De finale gie tusken Auke Walsma en Okke Jan Postma. Dizze wie tige spannend. De earste rit waard troch Okke Jan wûn en de twadde rit troch Auke. Dus no moasten de mannen noch in kear oan'e bak. Uteinlik wûn Auke de 3^e rit en waard earste. **Utslach: 1^e Auke Walsma, 2^e Okke Jan Postma en 3^e Jan Witteveen.**

By de **manlu fan 35 o/m 49** jier stienen 6 dielnimmers op de list. De earste rit gie tusken Jan Postma en Yde Schakel. Hjir kaam Jan beide kearen as earste oer de streep. Hjirnei stienen Sjoerd B. Bouma en Klaas Boersma oan'e start. Sjoerd stie der moai op mei syn houtsjes en Fryske breiden trui (foto).



Miskien dat syn houtsjes noch net goed slype wienen. We witte it net, mar hy ferlear it fan Klaas. Thomas Burghgraef naam it op tsjin Eric Bijlsma en wûn dizze striid. Jan Postma wûn it fan Klaas Boersma en sa stiene Thomas en Jan tsjin elkoar yn'e finale. Thomas moast belies jaan en Jan gie mei de beker nei hûs. **Utslach: 1^e Jan Postma, 2^e Thomas Burghgraef en 3^e Klaas Boersma.**

Foar de **kategory 50+** hienen 3 dielnimmers harren opjûn, nl. Dominicus Kuipers út Greonterp, Ids Schukken en Jelle Zijssling. Sy ha pûltsje ridein. Jelle Zijssling kaam hjir as beste út 'e striid. **Utslach: 1^e Jelle Zijssling, 2^e Dominicus Kuipers en 3^e Ids Schukken.** Yn't Waltahûs waarden de prizen troch de foarsitter, Wiebren de Jong, útrikke. Hjirnei waard der noch gesellich neisitten yn't Walthûs.

Hurdridery foar bern.

Woansdeitemiddei 15 desimber waard der in westriid foar bern útskreaun. Dizze westriid soe earst sneon 3 desimber holden wurden. Mar doe waard de westriid ôfseind, omdat der in felle wyn stie en it bot snijde. De omstandichheden fan 15 desimber wiene tsjin oersteld. In temperatuer boppe de 0 graden, sintsje derby en in prachtige moaie loft. It lieke wol hast maityd. It koe no wol oan gean.

De **4-5 jierrigen** giene as earsten fan start.

De earste rit gie tusen Iris Ebbendorf en Sigrid Schakel. Iris wie der net hielendal klear foar en hie it earst net yn'e holle om te ridein. Mar mei wat help fan har heit is Iris doe oer de streep flein. Sigrid wûn de rit. Lieke Draisma en Evelien Zaal stienen

no by de start. Lieke makke in bêste start en wûn de rit. Daphne Bijlsma moast tsjin Sigrid. Dit wie in spannende rit. Trochdat Sigrid foel, har oriintaasje wat kwyt wie, fan baan wiksele en dêrtroch ekstra meters makke, fleagen Sigrid en Daphne beiden op de finish ôf. Dochs wûn Sigrid op it kantsje ôf de rit. De finale gie tusken Lieke en Sigrid. Lieke wie net te berieden en wûn de rit.

Utslach: 1^e Lieke Draisma(foto), 2^e Sigrid Schakel (foto) en 3^e Daphne Bijlsma.



Hjirnei moasten de **6-7 jierrigen** fan start. Seis famkes hienen harren hjir foar opjûn. Se makken er in moaie striid fan. Anna Galama moast tsjin Marrit Draisma ride. De earste rit wûn Anna en de twadde rit wie kamp. Anna gie troch. Janita de Jong moast it opnimme tsjin Marly Steegstra. Dit wûn Marly 2 kear. Lineke Schakel wûn it fan Leonoor Zaal. Lineke hie in steand nûmer en kaam sa yn'e finale. Har tsjinstander moast út de folgjende rit komme fan Anna en Marly. Marly wûn de earste rit. Hjir moast Anna ryklik fan bekomme en gie letter de striid wer oan mei Marly. Marly wûn de twadde rit ek. Yn'e finale ried Marly ek wer poerbêst en gie sa mei de earste priis nei hûs.

Utslach: 1^e Marly Steegstra, 2^e Lineke Schakel e 3^e Anne Galama.

Yn de folgjende kategory fan **8-9 jierrigen** hienen sich 6 famkes en 2 jonges opjûn. De fammen wienen hjoed goed fertsjinwurdige. Femke Lemstra en Sygnie Steegstra stiene as earsten oan'e start. Sygnie wûn dizze rit. Mandy Koenz moast it opnimme tsjin Jimte Draisma. Dizze twa wiene oaninoar weage. De earst rit wûn Mandy en de twadde rit wie kamp. Mandy gie troch. De tredde rit gie tusken Sjoukje de Jong en Jildert Boersma. Ek in spannende striid mei ek wer in kamprit. Omdat Sjoukje ien rit wûn gie sy troch. Kirsten Bijlsma wûn it fan Femke Galama. De finale gie tusken Mandy en Kirsten. Mandy en Kirsten ridein beide tige goed en úteinlik waard Mandy earste.

Utslach: 1^e Mandy Koenz, 2^e Kirsten Bijlsma en 3^e Sygnie Steegstra.

Uteinlik mochten de **10, 11 en 12 jierrigen** fan start. Die hiene sich al efkes goed los ridein. Waarm ride hoegde net mei dizze temperatueren. Hjir hiene sich 5 jonges en 2 famkes opjûn. Hjir wienen spannende ritten by. Foaral Jildou Speerstra makke it tige spannend. Sy hat goed tsjinstân bean en hat wol 8 kear ride moaten.

De útslach: 1^e Michiel de Jong, 2^e Menno Galama en 3^e Jildou Speerstra.

De priisútrikking wie op'e iisbaan en waard dien troch wedstriidlieder Bertus Walsma. Eltsenien waard efkes bedankt foar har/syn dielname. De winners kriegen in prachtige medaille en waarden noch efkes op'e foto setten.

IJsclub Tsjerkwert

Thomas Burghgraef & Zn. kampioen prikslydsje

Tsjerkwert tongersdei 30 desimber waard middeis yn Tsjerkwert it 'Tsjerkwerder lepen Kampioenskip Prikslytsje' holden. It bliekt in skot yn de roas fan it iisklupbestjoer, want der wie wer in soad folk op de baan. Dit kaam grif ek om't der striden wurde koe om lekkernijen mar ek foar it moaiste gehiel. It is fansels altyd gesellich op de baan yn it koarts fan de dagen, sa wie Pyt Paulusma foarrige wike ek noch te gast west foar syn waarberjocht op SBS 6.

Mei elkoar stienend der 57 dielnimmers klear, ferdield oer trije kategoryen. Der waard beginnend mei de basisskoallebern, earst de groepen 3, 4 en 5. Nei in spannende striid waard Jan Jochem de Boer 1e, Jimte Draisma 2e en Jan Gerbrandy 3e.

Ek de groepen 6, 7 en 8 hellen alles út de kast mar striden in sportive strijd hjir waard Harmen Burghgraef kampioen, Ilse Galema 2e en Menno Galama 3e.

Doe wie de beurt aan alle dielnimmers fanôf de basisskoalle; hjir wienen 31 dielnimmers. Der waard troch elkoar lotte en se krigen mar ien kans om't der twa presiis deselde滑den wienen. Wol wie der in ferliezersronde, die waard wûn troch Auke Walsma, 2e Jan Postma , 3e Anno Galama en 4e Evert Bakker.

Mar de Rollade as 1e priis wie foar kampioen Thomas Burghgraef, 2e waard Seakle Witteveen , 3e priis wie foar Okke Jan Postma en de 4e foar Wieger de Jong.

De priis foar it moaiste gehiel gie nei de 'Unox famkes' Reiny Haytema en Iris Landman; neffens de sjuery wienen sy it orizjineelst.



Muzykferiening Eensgezindheid

Muzykferiening Eensgezindheid wol eltsenien folle lok en seine winskje yn 2011. Ek winsket de feriening eltsenien in tige muzikaal jier ta. Sneon te jûn 18 desimber organisearre muzykferiening Eensgezindheid harren tige slagge winterskonsert, der wie in goeie opkomst fan minsken, de feriening is bliid te fernimmen dat der in soad minsken genietsje kinne fan it harkjen nei de muzyk. It orkest spiele stikken as 'As it is in haven', 'Stop the Cavalry' en 'War is Over'. Foar dit konsert wine de leden fan it orkest allegearre yn in moai pak as yn in kreaze jurk stutsen. Ek it Jeugdorkest De Toansetters hie in bydrage aan it konsert. De presintaasje wie ta fertroud oan Anneke Speerstra.



Woansdei te jûn 22 desimber wie der in krystfeest fan 'e Reinbôge, weart it orkest kryst ferskes spiele hat op it skoalplein, dit wie al mei al in sfeerfol optreden. Nei au rin koe eltsenien in bekerke poeiermolke drinke yn e skoalle. Freed te jûn 24 desimber hat it orkest harren meiwurking ferlient oan de krystnacht tsjinst.

Krystmoarn is in groepke fan it korps om 6 oere troch it doarp west krystferskes te spyljen foar de minsken dy't noflik op bêd leiden. Woansdei te jûn 12 jannewaris hat de feriening harren jierlike ledendag fergadering hân. Sneon 5 february jûns om 20.00 oere is der yn Warkum in promoasje konsert fan de fusearjende gemeenten, hjir ferlient ek muzykferiening Eensgezindheid harren mei wurking. Op 1 April is der it ONFK, it 'Open Nederlands Fanfare Kampioenschap'. Hjir sil de feriening harren ynsette yn de 4e divyzje.

Ien juny sil der in jierliks konsert fan de feriening plak fine, ynformaasje folget. Op 30 april Keninginnedaei sil de feriening ek harren mei wurking ferliene. Op it doarpsfeest, 15 en 16 july sil ek de feriening harren meiwurking op in bysûndere wize ferliene. Ein

septimber organisearret de feriening harren twajierlikse Rommelmerk, hawwe jo moai guod foar de rommelmerk smyt it dan net foart mar garje it op foar de feriening. Ta ôfsluting hoopje wy dat eltsenien lyk as wy yn 2011 fan de muzyk en de feriening genietsje mei.

Kolleksjes hear en vrou Mulder hast teplak

Kommisje Keunstryk Tsjerkwert nei Hylpen foar in earste skôging

Op de útstalling fan Keunstryk Tsjerkwert koene wy it foar de lêste kear by inoar sjen: de nifelen sammelkolleksje fan wijlen de hear en vrou Mulder. Harren bern ha der alle war foar dien om de keunststikken en sammelkolleksjes in weardich plak te jaan, sadat it foar de takomst bewarre bliuwt en it foar belangstellenden te bewûnderen is.



De flinter- en skulpensamling is nei it natoermuseum yn Ljouwert, it moleguod kaam telâne by it moedokumintaasjesintrum yn Grins, it Verzetsmuseum yn Ljouwert waard bliid makke mei it keunststik fan fleantúchglês en de poppen yn allerhande klaaiing kamen nei Hylpen, wylst twa poppen nei Nagasaki yn Japan gien binne as geskink fan Nederlân oan it iepenloft museum dêr! De theepûdsjes hawwe noch gjin plak fûn. Ek de samling klokkestuollen, súkerpûdsjes, postsegels, sigarebantsjes en de muntesamling sykje noch in gaadlik plak. Mar de grutste stikken dus wol en in belangryk part bedarre dus yn Hylpen yn it Eerste Friese Schaatsmuseum oan de Kleine Weide 1-3.

Schaatsmuseum

Eigner Gauke Bootsma is dwaande mei in útstalling oer de histoaryske klaaiing fan de plakjes om de âlde Suderzee hinne. Op in winterske middei tusken âld en nij sette de kommisje fan Keunstryk Tsjerkwert der hinne. Bernard Algra wie ek mei. Hy is it dy't hijr yn dit museum as ambachtlik timmerman frijwilligerswurk docht om Gauke Bootsma sa wat by te stean yn it presintearjen fan de kolleksjes. Troch Bernard is ek de âlde skilderswurkbank fan wijlen doarpsskilder Gerrit Mulder hijr definityf te pronk set en de kommisje wie út 'e skroeven by it sjen fan it risseltaat. Ek de poppen fan vrou Mulder ha yn in "draaimole" achter glês in moai toanplak kriegen by de eksposysje oer histoaryske klaaiing om de âlde Suderzee hinne dy't meikoarten iepene wurdt.

En dan dy wurkbank. It âlde houtwerk dat de stille tsjûge is fan in jierrenlang ambachtlik hússkildersberop. It is hjir tige op syn plak om't Gauke Bootsma de tradysje fan it Hylper skilderjen yn eare hâldt en dat boppedat docht mei in grutte leafde foar it fak en dat op in fantastyske wize wit te kombinearjen mei syn oare passy: âlde winters, reedriden, alvestêdetochten en alles wat dêr mei te krijen hat. De âlde wurkbank is folslein oanklaaid mei materialen dy't passe yn in skilderswinkel fan eartiids: bakken mei kleurstoffen om ferve fan te meitsjen, kwasten, potsjes, hânboeken en gean sa mar troch. It wie in lust om te sjen hoe gaadlik alles in plakje kriegen hat op en om dy âlde wurkbank hinne. Sûnder mis it besjen wurdich.



Hjir de foto wêrop de mannen de âlde skilderswurkbank fan Mulder mei goedkarring skôgje.

Het Eerste Friese Schaatsmuseum, Kleine Weide 1-3, Hindeloopen. Tel. 0514-521683 en op ynternet www.schaatsmuseum.nl. Behalve de histoarje fan it reedriden ek omtinken foar de tradysjonele Hylper skilderkeunst, in winkel mei súvenirs, âlde ambachtlike wurkleatskes en in pankoekrestaurant. Te folle om alles op te neamen. Ik soe sizze:"Gean der ris hinne!"

Gerben D. Wijnja

Histoaryske stemdei

It wie op dy woansdeis de 24^{ste} novimber in bysündere dei yn it Waltahûs. Foar de lêste kear koe der hjir stemd wurde yn de gemeente Wûnseradiel en wol foar de nije gearstalling fan de rie dy't de nije gemeente yn in **part** fan it súdwesten fan Fryslân bestjoere sil. In wichtich barren dus, mar de opkomst wie net bêst. It rûn de hiele dei al gjin stoarm nettsjinstande de grutte publisiteit dy't der mei anneks wie. Lang om let kaam it der op del dat it folk yn Tsjerkwert it yn stemburo 43 eins noch net iens sa mâl dien hie(59% kaam hjir opdraven), foaral yn fergeliking mei in stêd as Snits(43%). It gemiddelde fan it hiele gebiet kaam noch net op de helte (48,77 %) en dat bliuwt teloarstellend. Op 3 jannewaris is de nije rie beïedige. Sa't op de gearkomst fan doarpsbelang al ferteld is, ha wy mei ús winsken aanst foaral te krijen mei it bestjoer fan Doarpsbelang en de Doarpskoördinator. Ek komme der gebietwethâlders mar de yndieling dêrfan is noch net bekend.

Nije namme

De gemeente krijt yn de rin fan 2011 syn definitive namme. De listlûkers ha earder yn mearderheit harren foarkar útsprutsen foar **Súdwestergo**, mar by de stembus hie it folk in foarkar foar **Súdwest Fryslân**. No hat ek blikken dien dat in protte stemmers net sa mei dy namme dwaande wiene en mar keazen ha foar de wurknamme dy't al lang yn gebrûk wie. Dochs soe it de nieuwe rie siere at sy achter harren eardere kar stean bliuwe! **Súdwestergo jout nammentlik sawol histoarysk as geografysk krekt oan ûnder hokker namme dit gebiet yn de takomst fierder gean moat.** Súdwest Fryslân is in kar dy't de lading gewoan net dekt en it soe al nuver wêze at men dat út it each ferliest, omdat in part fan it folk, dat yn dizze ek net folsslein en goed foarljochte is, keazen hat foar in histoarysk-geografyske oantsutting dy't op 'e gatten nei ticht is.


Op de foto

It stemburo ûnder foarsitterskip fan Doet Bruinsma mei njonken har de hearen Jan Geelen en Sjoerd Breeuwsma. Byskood is Lucy Postmus fan de FNP út Wûns dy't ek yn de nieuwe rie in sit hat. Ien fan de wethâlders ek in bekend gesicht: Wigle Sinnema fan de PvdA út Arum dy't ek yn Wûnseradiel as wethâlder te boek stie. Oaren út eigen gea binne Thomas Groeneveld fan de

PvdA út Makkum, Uilkje Attema út Ferwâlde en Gerard Huitema út Wytmarsum elk foar it CDA, Gaby Broekhuijsen fan de VVD ut Lollum en Ad van der Kolk fan Feriene Lofts (FL) út Wytmarsum.

Gerben D. Wijnja





Tjerkwerd op z'n mooist







ÚS BERTEPLAK TSJERKWERT



"Stil en eenzaam ligt het straatje te Tjerkwerd terwijl de vorst het waschgoed verstijft", liet de redaksje fan it Fryske famyljewykblêd Fen Fryske Groun yn 1930 witte. Yn it twadde hûs fan rjochts wenne sùnt 1929 de famylje Draaijer. Heit Tsjamme wie fytsmakker en hie hjir syn fytswinkel! Letter waard it in saak in galanteryen. It gebouw dêr 't wy rjochts tsjin oan sjogge wie it Griene Krúsgebou dat fierder op yn dit ferhaal noch oan de oarder komt. Links fan Draaijer de saak fan Deelstra (letter Kikstra) en alhiel links op de foto de bakkerij fan Roelof de Jong.

Op de groepsfoto: Efter fan lofts nei rjochts: Sjoukje, Griet, Siety, Coby en Hanny Foar: Uilkje, Betty en Jantsje

Nei aanleding fan de foto yn de Boalsertkrante oer ús 25e susterdei skille Gerben Wijnja my op, dat it hiel aardich wêze soe, dat de sisters in stikje oer harren jeugd yn Tsjerkwert opskriuwe soenen foar de Skieppesturt. No, oan dat fersyk wolle wy fansels foldwaan:

De âldste sisters oer eartiids

Uilkje en Jantsje, de âldsten, hawwe de oarloch bewust meimakke. Sy wienen doe op de legere skoalle. Troch de krapte wie der gjin branje mear en koe der yn de lokalen net stootk wurde. Sy ha doe in winterskoft les hân yn de buorkerij fan Jehannes Reitsma. De kij joegen genôch waarmte ôf en dêr wie it lekker smûk.

Jan Bakker skreau yn it Skieppesturtsje nei de reüny fan 1987, dat Uilkje de jonges fan har leeftyd seksuele foarljochting jûn hie.... Der waard dan tsjin har sein: "Do kinst it witte, by jimme thûs is der altyd wol in lytsen ûnderweis."

Thûs moasten sy mem helpe, mar der waard ek in soad hantwurke al. Mem krike yn de oarloch klean en jern fan in tante út Amerika, dat dêr koene sy mei oan 'e slach. Heit en mem wienen yn 1954 25 jier trouwd, doe hie Gryt 8 jurken foar alle famkes makke.

Muzyk en sang spile altyd in wichtige rol, oargelles kriegen sy fan Sytze de Jong. Mei fjirtjin jier gongen Jantsje en letter ek Uuk al út te wurkjen.

Jantsje en Uuk wienen mei in boatreiske, doe 't Wieger de Jong harren yn Boalsert opwachte om te fertellen dat broerke Jacob ferdronken wie. Dit wie in oergryslike slach foar ús allegear. It wie sa'n alderleafst mantsje. Mar it libben gong troch.

As jongfammen op sneintejûn kuierjen op 'e dyk, kamen dêr dan de jongfeinten út de omlizzende doarpen. Uilkje hat Durk dêr metten, de man dêr't sy yn 1952 mei trouw is.

Jantsje har feint Sibbele Overal kaam foar't earst by ús thûs en doe sieten alle famkes om 'e tafel te hânwurkje. Dat fûn hy sa geweldich, want hy hie sels gjin sisters en letter krike hy dus sân.

Betty koe goed leare en gong nei de kweek yn Snits. Sy mocht fan ús heit dan frij fan it ôfwaskjen en oare húshâldlike putsjes. Dêr baalden de oaren volris fan.

Betty hat ek jierren de sneinskoalle mei liedien, dêr koe sy moai erfaring opdwaan. Sy is letter as ienige bûten Fryslân te wenjen gongen: nei Marknesse yn de Noard

Eastpolder. Wat wienen de jongste suskes graach by Croal en Betty útfanhûs. Sa fier oer de âldste trije froulju.

Anekdoate

Eartiids wie it yn ús doarp by de jongerein in gewoante om op âldjiersjûn alles wat bûtendoar stean bleaun wie fuort te slepen. Sa stie der bygelyks op nijjiersdei boppe op it skoaldak in droechrak mei de wask. Ek minsken dy't ornaris it 'mikpunt' wienen waarden dan faaks de dupe en te pakken nommen.

Sa barde dat ek ús achterbuorman, om't hy net it rútsjepikken en beltsjedrukken útstean koe: hy kaam soms yn de ûnderbroek nei bûten draven. Op in nijjiersmoarn waard ús heit wekker tikke op it warkpleatsrút troch buorman. Hy koe út noch yn net bûten komme, want syn hiele hûs wie bedobbe mei alle soarten lyts en grut boere-ark wat se ek mar fine koene. Dit wie oan de doarren fêst makke. Heit hat safolle mooglik dien om romte te krijen.

Groetnis Gryt

De skoalle, ferkearingstiid en oare aardichheden

As ik oan myn bernejierren weromtink, sjoch ik my sels yn 'e klasse fan master Hibma. Dy koe sa prachtich moai bibelferhalen fertelle; je hongan by 'm oan de lippe. Wy knikkeren in soad op it skoalleplein. Ik wie in kear blut,mar dat woe ik net wêze. Ik sette myn moai kralenkettinkje op en liet myn freondinne Anny van der Meer fan it oare ein fan it skoalleplein ôf pikke en se pikte ek noch raak! Ik smearde 'm, want ik woe dat kettinkje net kwyt..... Beltsjedrukke wie ek in aardichheid, wat ha we dêr wol in wille om hân.

Ik wit ek noch fan de befrijing. Ik wie doe 7 jier. De Kanadezen joegen ús houtsjes om mei te klepperjen en ik sjoch noch, dat der in "frjemd" famke út de Harmonie kaam. It wie in joadinne, dy't by de famylje Rusticus ûnderdûkt sitten hie. Letter moast ik faak op myn lytse suskes passe, dat wie fansels net altyd leuk, ik gong leaver der op út mei myn freondinnen.

Wy songen elke wike by de famylje Reitsma yn 'e tún, Anny har mem learde ús in soad ferskes.

Yn myn ferkearingstiid wie der by ús thús wolris te min romte foar sliepers. Betty en Gryt harren feinten wienen der ek. Gelokkich hienen ús heit en mem it Griene Krûs gebou (dêr 't sy behearder fan wienen) tichtby. Dêr wienen bêden genôch en dêr moasten de feinten sliepe!!.

Mei 14 jier gong ik al út Tsjerkwert wei en wenne troch de wike yn Âldegea (W). Ik wurke by sus Uilkje en swager Durk, dy't in bakkerij en winkel hienen. Nei dat heit en mem letter út de doarpswinkel gongen, ha myn man Ype Bonnema en ik noch in lyts

2 jier yn 'e saak wenne. Dérnei hat Marten Kikstra it fan ús oernommen. Dy wennen dêr tegearre, wylst der eartiids wol 6 hûshâldings wennen. Tiden ha tiden!

Groetnis fan Hanny



Boartsje mei lege grientekistjes op de Kade by it grientehok fan ús grienteman Schakel. 1954. Fan lofts nei rjochts: Coby Draaijer, Sieny Oostenveld, Lolle Schakel, Harm Oostenveld, Auke de Haan en ?

Winkeldrokte yn earder tiid

Yn Tsjerkwert wienen doe yn myn jeugd noch 2 bakkers, 2 krûdeniers (winkelmannen), 2 slachters, in grienteman, in skuonmakker, 2 hûsskilders, in smidte, 2 foeraazjehannelers, in postkantoar en net te ferjitten ús doarpswinkel mei lûkse en hûshâldlike artikelen en de fytsmakkerij.

Wat wie it altyd gesellich drok yn de Tsjerkestrjitte tusken bakker De Jong , winkelman Deelstra, de pastorie en de konsistoarje. It stiet my noch by myn earste skoaltiid by Mefr. Van der Brug, vrou fan Ds. Van der Brug, dy doe al ferstoan wie yn Tsjerkwert op jonge leeftyd. Ek de sneinskoalle stiet my noch helder foar de geast, mei Klaske Postma. Klaske dy't mei Krystfeest it frije ferhaal die, dat sil ik nea wer ferjitte sa moai!

Myn freondinne Tsjikke Wijngaarden dy't sa goed balje koe, dat dienen wy dan tsjin de muorre aan fan de âlde Harmonie, sy koe dat mei 5 ballen tagelyk, geweldich.

We wienen 10 jier Tsjikke en ik, doe waarden wy lid fan it muzykkorps "Eensgezindheid". De measte famkes fan Tsjamme en Sietske hawwe wol wat mei muzyk dien, en dogge dat noch.

Ek as wy nei skoalle rûnen swaaiden wy altyd nei master Siebe de Jong dy't ferlamme op bêd lei, mar tige aktyf wie.

Dan kamen we lâns Klaas Schukken. Dêr gongen wy mei in bôge omhinne, want dêr wienen hja faaks mei hynders oant beslaan, ik rûk it noch as ik der oan tink.

Ek wol ik noch efkes néame it kloklieden mei Rinze de Jong. De klok waard doe 3 kear deis let. Wy mochten dan mei yn de toer, om oan it tou te hingjen om de klok stopje te litten, altyd wer prachtich. Sa koe ik noch wol efkes troch gean, mar dat doch ik net, no de oaren mar tinkt my.

Groetnis Sjoukje.

No in stikje fan de op ien nei jongste Draaijer: Siety. En dat giet fansels oer:

It muzykkorps "EENSGEZINDHEID"

Ik wie sa'n tsien jier, dat ik foar it earst aardichheid krike oan it muzykkorps. Op in jûn sieten se te spyljen bij de pleats aan de Singel, doe noch fan de famylje Huitema. De dirigint wie doe Sikke Hoekstra fan Nylân, hij kaam altyd op de brommer. De measten fan jimme witte wol dat hy de heit fan Jouke Hoekstra wie. Doe tocht ik: Hjir wol ik ek graach by, want ús Sjoukje spile der ek by.

Myn earste blaaslessen krike ik, op in âlde alt, fan Marten van der Wal. Bij Marten en Annie thús hawwe wy doe foar it korps in hiele soad persil-ammerkes plakt. Dat wie om in finansjeel bufferke op te bouwen foar ekstra ûnkosten. Dus doe ek al AKSJE. De man dy't nei myn witten it langste bij it korps west hat is Harm de Boer, hy hat 60 jier aktyf lid west, ja dat wie doe ek al hiel bysûnder. Harm de Boer en Marten van der Wal hawwe jierren lang elke moandeitejûn alles klear setten foar korpsrepetysjes, earst yn de Harmonie en letter yn it Waltahûs. Der is yn de rin fan de jierren dat ik by it korps siet, 45 jier, hiel wat feroare yn positive sin. De korpslearlingen krije no in gedegen muzykoplieding op de muzykskoalle. Yn Tsjerkwert is no in jeugdkorps, ûnder lieding fan Arjen Steur: dat is in hiele goeie ûntwikkeling.

Doe't myn blazen in bytsje op peil wie, spile ik yn it korps allinnich it koraal mei. Letter doe't ik in "folweardich" lid wie gong ik mei nei festivals, konkoersen en mei peaske en kryst yn tsjerke fansels.

En ús muzykútfiering wie eartiids twa kear, earst op nijjiersjûn foar de âlderen en letter foar de jongelju, dat koe doe noch. Dat waard letter fansels ien kear yn't jier. Hiel gesellich altyd. Ineke van der Meer en ik nammen de ferlotting foar ús rekken. Doe't wy jonger wienen, Ineke en ik, hawwe de diriginten wol wat mei ús te stellen hân! It barde regelmiyttich dat wy net stemme koene omdat wy slop fan laitsjen wienen, it sil de leeftyd wol west hawwe, al hat it by ús wol hiel lang duorre. Yn dy 45 jier dat ik by it korps siet binne wy ûngefear 12 kear fan dirigint wiksele. Ik wol dirigint Jan Buis út Ljouwert efkes neame. As hij folledige konsintraasje fan de

korpsleden ferwachte, dan wie steefêst syn siswize: allegear mei it gat op de punt fan 'e stoel.

Yn 1965 binne Tom en ik trouwd. Doe tocht ik even dat ik wol sûnder it korps koe. Hoe stom kin in minsk wêze. Foardat it nije jier begûn, spile ik al wer mei. Wiebe Bakker helle my elte moandeitejûn fan hûs út Dedzjum en brocht my nei de repetysje wer thûs. Ûnderweis yn de auto hienen wy dan in noflik praatsje oer de bern en de famylje. Yn 1970 binne wy ferhuze nei Boalsert. Sietsma, de dirigint fan destiids, kaam moandeitejûns altyd mei de bus nei Boalsert, dan pikte ik him by de bushalte op en naam him mei nei Tsjerkwert. It korps wie yn dy tiid tige suterich: it kaam doe foar dat der net genôch muzikanten wienen, dan gongen wy rjochtsomkeard wer nei Boalsert, dan koe de bêste man de bus wer krije werom nei Harns. Ik bin ek jierren mei Akke de Haan nei it korps rideń, as wy dan in moai stikje spile hienen, dan songen wy dat op de weromreis, ús eigen party fansels, gesellich no.

Letter gong ús Tsjamme ek mei nei it korps,hij spile trompet.

De topfer wie foar my it muzykkonkoers âlde styl yn Eksmoarre. Wy spilen der ek âlde muzyk. Tsjonge jonge, wat hawwe wy dê in gouden dei belibbe. Roelof Bakker wie doe ús dirigint, hy hie in âlde streekjesbroek aan en in swellesturt. Fierders wienen ek alle leden klaaid yn âlde styl. Wat wie dat in super dei!!!!

Earste Krystdei

Earste krystdei moarns betiid, dat wie wat foar dit minske. Ja, jo komme dan sa út it waarme bêd en stappe dan de kjeld yn. No wie it gelokkich net elts jier sa kåld, mar it heucht my noch goed op in Krystmoarn yn Dedzjum, it wie ein jierren '60, wy stienien mei in groep muzikanten te blazen yn de buert fan de wenning/buorkerij fan Broer en Wiggertsje. It wie yintins stil, der lei in pak snie en it wie glûpende kåld, wy spilen doe *Ere zij God* en Wiggertsje rôp doe tsjin Broer, sy neamden elkoar heit en mem: "Heit, dêr binne de Engelen!". Nea tocht dat ús muzyk sa moai klinke koe.

Dy kears bin ik nei hûs ta slingere, want sa'k sei, it wie ferskuorrende kåld. Ik haw hast in heale dei wûrk hân om wer in bytsje waarm te wurden. Yn lettere jierren yn Tsjerkwert wie dat better regele, nei ús Krystmoarn optreden gongen wy mei-elkoar gau nei vrou Bakker op de Singel, dêr wie it lekker waarm en op 'e tafel stie foar ús in hiel lekker en útgebred kryststontbijt, geweldich wie dat. No heare wy earste krystdei moarns betiid gjin muzyk mear. Dat fine wy wol jammer. Mar ja de tiden feroarje. (*Mar net yn Tsjerkwert, want it korps spile ek yn de ôfrûne, betide Krystmoarn wer har lieten. Red.*)

No dit wie dan myn bijdrage foar it Skieppesturtsje. Der is noch wol mear,mar ik fyn it kin sa wol. Ik ha prachtige jierren yn Tsjerkwert hân. Mar foaral bin ik bliid dat wy thûs de muzyk mei de "pappleppel" ynjûn kriggen ha. Der giet gjin susterdei foarbij sûnder dat wij mei-elkoar songen hawwe. Wij fiele ús ryk troch en mei muzyk!!!!.

Siety

It waard ekonomysk better

As 8-ste dochter en tsiende bern fan Tsjamme Draaijer en Sietske Eisma ha ik op Tsjerkestjitte 5 in oare jeugd hân as myn âldste susters. It waard ekonomysk aloan better. Mar it wie wol sa, dat ik earst noch de klean fan myn susters drage moast. Gelokkich wie ik mei in jier of acht grutter as Siety (sy wie ien jier âlder) en koe dat net meer.

Ik wit noch hoe't wy allegeear om de tafel sieten te iten yn in frij lytse keamer. Heit wie de ynskepper en hie sneins in "sneinske" overall aan: dan bleaune syn klean skjin mei al dy hantsjes fan de lytse bern om him hinne. Yn de keamer stie dan ek noch in oargel. Nei de tsjerketsjinst en it kofjedrinken songen wy altyd mei elkoar, foaral út Johannes de Heer en it Frysk lieteboek. Wy koene hast allegeear oargelspylje, mar de âldste suster Jantsje siet it measte efter it oargel.

Yn 1954 kaam ik op skoalle tagelyk mei Bor de Jong. It waard doe in septimberskoalle, de oare klasgenoaten wienen al yn april op skoalle kaam en moasten 1½ jier yn de selde klasse bliuwe. Master Banga wie doe myn master (hy wennet noch yn Boalsert) en ik wit noch wol, dat ik al aardich rekkenje koe, dat hienen myn susters en Germ my al leard. Ik mocht earst neist ús Sjoukje sitte, dy 't yn de 3e klasse siet. Siety siet yn klas 2, dus mei syn trijen yn ien lokaal.

Letter waard Griepsma myn master. Wy krigen fan him nei skoaltiid blokfluitles.



Blokfluitclub De Vrolijke Noot

Hy naam in pear kear yn it jier in eksamen ôf en ast slagkest krigen je in diploma en in bandsje om de blokfluit. Hy liet ús lústerje nei lp's op de pickup en dan moasten wy de eagen ticht dwaan. Dat fûnen wy doe sa nuver. Letter ha jo pas yn de gaten, dat

de konsintraasje dan folle better is. Ek hienen wy by dizze master in wandelclub. Wat ha wy oan in soad kuiertochten meidien, de medailles ha ik noch.

De Tsjerkestritte wie yn dy tiid it winkelsintrum. De bakker, grienteman, krûdenier, ús eigen doarpswinkel mei galantry, fytsen en fytsmakkerij, ja it wie in gesellige boel. Freark Schakel hie op de kade in griendehok en dêr snipten wy as bern wolris in appel of par. Dat wie wol ûndogensk, mar oars waard it ôffal ek samar yn de Trekfeart goaid!....Ja, sa tochten je as bern.

De froulju fan Draaijer hawwe as famkes ek hast allegear by ús buorlju Bakkerij De Jong oan it wurd west. We holpen dan te ynpakken. Dat wie tige gesellich mei al dy bakkersfeinten en -fammen en wy fertsjinnen ek noch in moai bûssintsje.

Oan de ein fan it jier waard der by bakker De Jong en ek by ús in spuljûn organisearre. By ús wie dat yn de fytsmakkerij. Alles moasten wy dan rommeitsje. Der waard sjoeld en balgoaid. Heit lei de prizen klear en/of de weardebonnen. In soad jonge mannen kamen der op ôf. Gatze Baarda wist my noch te fertellen, dat hy brommerwanten wûn hie. Ja dat wienen tige gesellige jûnen.

Tsjerkwert hie sels net in molkboer. By ús kaam dan Meindert Boersma út Boalsert mei syn brijkarre. Mem kocht dan sûpenmoallen- of sûpengrottenbrij. Op in kear rakke de karre yn 'e Trekfeart. Ek syn tas mei jild ferdwûn yn de feart. De bern ha doe allegear mei in angel mei in magneetsje oan 't fiskjen west en koene sa noch wat jild opfiskje.

De muzykútfieringen op nijjiersdei wienen topjûnen en ek de doarpsfeesten wienen tige gesellich. We dienen altyd mei oan de optocht en de spultjes.

Mei myn 16de jier kaam ik op 't koar. Mem en ús Germ songen der ek by. Myn libben lang ha ik al op in koar west en sjong noch mei in protte nocht.

Bêste minsken fan Tsjerkwert en omjouwing. Dit wie dan in "lyts" part fan it oantinken oan ús bertedoarp. Mei leafde tinke wy der oan werom. Wy binne ek tige tankber, dat wy ús 25 jierrige susterdei fiere koenen en salang leafde en leed mei elkoar dield ha. Wy hoopje noch mannich jierren derby. Wy winskje jimme allegear alle goeds ta yn it nije jier en skreaunen dit stikje op, foar de Skieppesturt, mei in protte plesier! Tsjerkwert bliuwt ús doarpke!

Groetnis fan Coby Hofstra-Draaijer

In neimiddei foar Krystjûn

Fluch noch eefkes op 'e fyts troch de kjeld nei Boalsert om wat boadskippen. Wy hiene noch wat fergetten en mei besite op komst wol men ek net te mijn had. It is kåld. In stive noardeastenwyn blaast my yn it gesicht. De Waltawei leit der foar it each skeind by, mar dat is gesichtsbedroch. De arbeiders fan oannimmer Ballast Nedam ha harren bêst dien om foar de ynfal fan de winter it paad te romjen sadat oanwenjenden der wer troch kinne. It omriden mei de auto is dérmei wer dien. In protte minsken binne der wiis mei. Silst alle dagen mar in stikmannich kearen omride moatte. De benzineprijs klimt ek suver mei de dei nei histoaryske hichtepunten.

Mar goed, ik wie ûnderweis. Op 'e Trekfeart wiene spoaren fan reedriders en jawis hear, ûnderweis kom ik se tsjin. Hannen op 'e rêch, en mei wisse streken jeie se foar de wyn fan Boalsert nei Ja wêrhinne? Ik hear Makkum, mar it fierdere praat ferwaait mei de hurde wyn. Foar de wyn is elk in hurdrider, betink ik my en beuligje fierder yn 'e wyn op. Yn Boalsert is der noch folop flecht op 'e koai. Der binne mear dy't op it lêste stuit noch wat helje moatte. It is gelokkich net sa drok yn 'e supermerk dat ik stean yn in omsjoch wen bûtendoar. Dan noch fluch nei de boekwinkel. Ik hie myn sin set op Durk van der Ploeg syn nije boek *De kjeld fan it noarden*, in histoaryske roman oer in boatreis fan it Amelân nei Grienlân yn it jier 1826. Dit tsjûke boek is der net mear. Dat ik sil geduld ha moatte.

Flak foar de oaljekoekkream fertelt in kollega my oer in drinkeling yn de Ljouwerter trekfeart, noch krekt yn Boalsert. In sikenauto is ûnderweis en moderne kommunikaasjemiddels litte dan witte dat de ungelokkige reedrider út it iis rôden is. Ik rydboskje eefkes by it tinken oan it yn in wek ride. It gefaar om ûnder it iis te sjitten, de kjeld, de eangst fan hoe kom ik hjir út. It bliuwt oppassen mei de bûtenwetters.

Dan set ik noch eefkes ôf nei it postkantoar op it yndustryterrein. Myn slûfke is krekt te dik en past net mear troch de gleuf fan de brievenbus oan de Waltawei. Yn it ferline ha 'grapjassen' tocht dat se leuk wiene en goaiden "fjoerwurk" troch de brede iepening, lyk op 'e post. It idee allinne al om oarmans brieven nei de fernieling te helpen. Ik kin dêr net by. Ek de skea oan de bus sels wie grut en wa betellet dat? Op it yndustryterrein is it blykber net nedich en meitsje de bus 'fandalismeproof': it briif skoot der mei gemak yn en falt op in steapel post yn in suver folle bus. Der is noch wûrk oan 'e winkel foar de postrinders. Foar dizze minsken moat men ek bewûndering ha. Yn waar en wyn komme se del, alle dagen wer, troch reinwetter en snie, oer glêde diiken en at se dan ris stake fernimme wy pas hoefolle wy harren deistige rit wurdearje, want wy misse se daliks! De konkurrant komt lykwols al del en dat makket noch wat goed.

By de brêgen yn de trekfeart liket met suver klear foar grutte tochten. Hoewol, by Iemswâlde ha se in read-wyt lint foar it brêgegat spand, oan beide kanten. It is net fertrouwod om der ûnder troch te ride. It lint wapperet omraak yn 'e hurde wyn, it is fan fierren wol te hearen. By Tsjerkwert gjin linnen, mar in klûnkleet foar de reedriders. Wat in service. En och, de dyk is ek net wakker drok om't de grutte ferkearsstream noch omlein is. En dan komt my dat ferhaal wer yn 't sin, in nijsberjocht út de argiven fan de âlde gemeente Wûnscheradiel. No goed 55 jier tebek yn 'e tiid.

"Motorvrachtschip ramde in volle vaart de brug van Tjerkwert"

11 december 1955

Een schip uit de richting van Workum kwam met zo'n vaart aanvaren dat hij niet meer op tijd kon remmen voor de brug van Tjerkwert. De brugwachtersvrouw, Feikje Brandsma, die bezig was om de brug te openen werd door de klap van de brug in het water geslingerd. Door het dappere optreden van de wachtmeester van Rijkspolitie, de heer Kloosterhuis, die achter mevrouw aansprong was het te danken dat mevrouw Brandsma het ongeluk overleefd heeft."

Dan fyts ik de Waltawei del. Ferljochte krystbeammen skitterje achter de glêzen. En de iisbaan baait yn in see fan Ijocht. Trije plastik terrastuollen steane der ferlitten op it iis, as stille tsjûchen fan winters iisfertier. En dat hat der west. Al rillegau wie de baan mei iis befluerre en koe der ride wurde. It iisklupbestjoer hat alle war dien om it klear te krijen en der waarden ek daliks al wedstriden ride al mislearre it mei de

berneriderij op woansdeitemiddei fanwege it minne waar. Mear dêroer fierderop yn dit nûmer.

Mei de Krystdagen sochten in protte minsken de wide wetters op mei in pracht fan iisflier, stikken better as yn it noarden fan Fryslân ha ik my fertelle litten. Minsken kamen sels rûnom wei, sa hearde ik, mar it doarp sels wie ek folop oan it ridein. As it dan eefkes trochklapt mei de winter ha wy ek daliks in moai alternatyf foar de iisbaan, en dat flak foar de doar noch wol op Alvestêdentochtparkoers. De measten op it iis, en net allinne dêr, ha it al oer de Tocht der Tochten, mar de nochterens fan de Friezen wint it fan it oerstjoere roppen en razen fanút de rest fan it lân. Mar ja, se wolle nei safolle jier sa graach wer dy meunsterocht. Wa wit. As jo dit lêze witte jo wat mear.

Gerben D. Wijnja

Bedankt

Bêste minsken,

Der leit in spannende perioade efter ús; der wie ûnsekerheid, teloarstelling en ferriet om de úteinlike negative útslach fan alle undersiken. Mar de minsken yn it sikehûs ha harren bêst foar my dien; in operaasje wie mooglik en dy is goed slag!

It siet lykwols net mei, want ienkear thús kamen der dochs noch wat tsjinslaggen. No giet it de goede kant wer út en fiel ik my aardich better. Mar wat docht it in mins goed om safolle oandacht te krijen; in kaartsje mei dêrop bemoedigjende wurden, in blomke, in tillefoantsje, in mailtsje en in loopke om in lekker bakje kofje en in praatje. Sa hâldé je de moed deryn!

Bêste minsken, allegear tige betanke foar jim omtinken!

Syb en Annie

Even voorstellen

Hallo allemaal,

Sinds eind december wonen wij op de Sylroede 19 in Tjerkwerd.

Wij zijn Rein en Richt Bakker en zijn 24 & 21 jaar jong!

Rein werkt sinds een jaar in Deinum bij Loonbedrijf Hiemstra en Richt werkt nu sinds 2 jaar in Sint Nyk op een kinderdagverblijf.

We zijn beide opgegroeid in Dedzjum, dus Tjerkwerd is niet onbekend voor ons. We hebben voordat we hier zijn komen wonen 2 jaar in Wommels gewoond. Ook erg leuk, maar wilden toch wel weer terug deze kant op.

Het bevalt ons tot nu toe prima !!

Na een paar weken klussen en wat opknappen van het huis begint het ons plekje al wat te worden.

Benieuwd hoe het is geworden? Kom gerust langs, jullie zijn van harte welkom!

Groetjes Rein & Richt

Koken met Riemkje



Als eerste wil ik jullie allemaal een mooi gezond en liefdevol 2011 wensen!!

En ten tweede heb ik weer 2 recepten voor jullie. Zoals de meeste lezers wel weten stond 2010 voor mij in het teken van lijnen, lijnen en nog eens lijnen!

Ik moest in het begin erg zoeken naar toch lekkere recepten, maar wel zo mager mogelijk. Ik moet zeggen dat ik daar aardig in geslaagd ben en tot nu toe eten wij heerlijk! Na de feestdagen wil iedereen weer wat minderen, dus vandaar deze twee slanke recepten. Veel plezier ermee en eet smakelijk!

Roerbakrecept.

Ingrediënten; 2 enkele kipfilets, $\frac{1}{2}$ theelepel kerriepoeder, 2 eetlepels ketjap manis, peper en zout, olijfolie om in te bakken, teen knoflook fijngehakt, $\frac{1}{2}$ ui in stukjes, 2 wortels, $\frac{1}{2}$ courgette in halve plakjes, 100 gram champignons in plakjes, cajunkruiden, 100 gram taugé.

Snijd de kipfilet in stukjes en kruid ze met kerriepoeder, ketjap, zout en peper.

Verwarm de olie in een wok en voeg de knoflook, ui en wordtel toe. Laat even lekker fruiten en voeg de kipfilet toe. Bak rondom goed aan en voeg dan de courgette en champignons toe.

Breng verder op smaak met de cajunkruiden en voeg op laatst de taugé toe, zodat deze nog lekker knapperig blijft.

Serveer dit met witte rijst.

Dit alles is heerlijk met een frisse salade. Gebruik per persoon een halve peer, snijd deze in stukjes en meng die met fijngesneden andijvie. Maak een dressing door een halve kiwi te pureren met 2 eetlepels olijfolie, 1 eetlepel azijn, peper, zout en een beetje zoetstof. Meng deze dressing door de andijviesalade.


Tortillataart

Ingrediënten; 1 gesnipperde ui, 2 tenen knoflook, 1 eetlepel olijfolie, 1 blik tomatenblokjes 400 gram, 125 ml zure room, 50 gram pijnboompitten gebakken in droge koekenpan, 400 gram roerbakgroenten, pirpirikruiden, 1 pak wraptortilla's , 200 gram geraspte 30+ kaas, pakje soepgroenten. Frisse salade en zure room.

Verwarm de oven voor op 200°C.

Fruit de ui en uitgeperste knoflook 3 minuten in de olie.

Voeg tomaatblokjes, pijnboompitten, roerbakgroenten en de pirpirikruiden toe. De soepgroenten kunnen er



© www.123rf.com

ook meteen bij. Dit is niet alleen smakelijk, ook zorgen de soepgroenten voor kleur in het gerecht. Bak alles 5 minuten.

Leg 1 wraptortilla in een ovenvaste schaal en verdeel er 1/3 van de saus en 4 eetlepels geraspte kaas over. Herhaal deze lagen totdat alle saus is opgebruikt. Als laatste een tortilla op de saus en hierover de laatste geraspte kaas strooien. Zet het taartje 10 minuten in de voorverwarmde oven. Serveer het in punten gesneden met een frisse salade en zure room.

EET SMAKELIJK

Een feestelijk project en zeer geslaagde tour

Op 9 oktober heeft Stichting Artum met het project *Far wol freon Wûnseradiel* muzikaal afscheid genomen van de gemeente Wûnseradiel. Met een eendaagse tour langs 23 van de 27 dorpen hebben alle huishoudens van de gemeente een exemplaar van de dubbel-cd met een boekwerk gekregen. In elk bezocht dorp werd het lied van dat dorp live ten gehore gebracht. Op het mobiele podium speelde de cd-band en in elk dorp voegde zich daar een andere zanger, zangeres, koor of korps bij.

Het strakke tourschema bleek in de praktijk goed uitvoerbaar. Om 7.00 uur 's ochtends startte de karavaan in Witmarsum. Ondanks het vroege tijdstip was er behoorlijk wat publiek aanwezig. Bijna 12 uren later eindigde het festijn in Kimsward, waar 's avonds ook nog een mooi slotfeest is gehouden.

In de dorpen waren de reacties erg positief, helemaal toen iedereen hoorde dat alle huishoudens gratis de dubbel-cd met een boek kregen. Ook het feit dat het een particulier initiatief was van Stichting Artum, is zeer gewaardeerd. Met verbazing hoorde het publiek dat er ruim 700 vrijwilligers uit de gemeente heeft meegewerkten aan *Far wol freon Wûnseradiel*. Wûnseradiel zit blijkbaar vol met muzikaal toptalent.



Volk bij de cd-presentatie in Tjerkwerd

Een aantal dorpen had iets extra's georganiseerd om de tour tot een succes te maken: huis-aan-huis rondbrengen van een flyer om zoveel mogelijk publiek op de been te krijgen, de klokken van de kerktoren luiden bij aankomst van de tourkaravaan, en zelfs in één dorp deed de jeugd mee met de uitvoering van het lied.

Op het slotfeest in het MFC in Kimswerd was er live muziek van de top-40 band Wymaroo uit Makkum. De avond werd om precies middernacht op ludieke wijze afgesloten door wethouder Rein Boersma.

Op www.artum.info vindt u nog meer informatie over het ontstaan van het project, foto's van de repetities en over de tour zelf.

Zeer veel dank

Het mooie boek, de 27 prachtige liedjes en de bijzondere eendaagse tour heeft stichting Artum alleen kunnen uitvoeren dankzij uw hulp. Het is fantastisch dat ruim 700 inwoners van Wûnseradiel, en een aantal van net buiten de gemeente, zich vrijwillig hebben ingezet om Far wol freon Wûnseradiel tot een succes te maken. Maar niet alleen zijn we al deze muzikale talenten dank verschuldigd, minstens zo belangrijk is de ondersteuning geweest van overheden, stichtingen, dorpsbelangen, instellingen en bedrijven. Zij hebben financieel of in natura zo veel bijgedragen dat stichting Artum het project ook echt in de praktijk kon brengen.

Wij willen iedereen die op welke manier dan ook heeft bijgedragen aan Far wol freon Wûnseradiel van harte bedanken!!

Met vriendelijke groet,

Namens stichting Artum

Wim Beckers, Guus de Groot, Pieter van der Zee, Gerke Boersma en Klaas Smit

WMO-adviesraden blijven voorlopig bestaan.

Inmiddels is de fusie van de 5 gemeenten in Zuidwest-Friesland een feit en bestaat de gemeente Wûnseradiel niet meer. Gelukkig blijft de WMO-adviesraad Wûnseradiel voorlopig nog wel bestaan. Wat de fusie voor de inwoners van onze gemeente gaat betekenen, moeten we afwachten. Zeker is dat het gemeentebestuur meer op afstand komt en dat de lijnen langer worden. Juist dan is het belangrijk om de lokale en/of regionale belangen op een goede manier te blijven behartigen. We zijn daarom blij dat we met onze kennis en ervaring over de Wet maatschappelijke ondersteuning (Wmo) het gemeentebestuur kunnen blijven adviseren.

Volgens de Wmo moet iedereen mee kunnen doen aan de samenleving. Dit geldt ook voor mensen die daarbij belemmeringen ervaren, in de vorm van een lichamelijke, psychische of verstandelijke beperking en/of chronisch zieken en ouderen. In de nieuwe gemeente Súdwest Fryslân betreft dit meer dan 10.000 van de ruim 82.000 inwoners.

Enkele recente acties van de WMO-adviesraad

Op 27 oktober j.l. hebben de WMO-adviesraden gezamenlijk een debatavond georganiseerd over de Wmo met de politieke partijen. De leiding van de avond was in handen van Klaas Jansma.

Er werd pittig gediscussieerd, waarbij duidelijke verschillen tussen de partijen naar voren kwamen. Iedereen was het er over eens dat de budgetten krapper zullen worden en dat de gemeenten meer taken zullen krijgen. Er zullen in de toekomst dus nog meer dan nu keuzes gemaakt moeten worden. Het was een goede avond, die in elk geval tot resultaat had dat de aanwezige partijleden zich goed in de Wmo-materie hadden verdiept. Van te voren was aan de politieke partijen een manifest toegestuurd met een 3-tal punten om mee te nemen in de partijprogramma's. Deze 3 punten komen er kort samengevat op neer dat de gemeente bij alle beleidsvorming en planning vanaf het begin rekening moet houden met mensen met een beperking.

In de week van 8 t/m 15 oktober was de **week van de toegankelijkheid**. Het thema was **"Sport en bewegen"**. Een delegatie van de Wmo-adviesraad heeft enkele sportaccommodaties en een fysio-therapiepraktijk bezocht om te kijken hoe toegankelijk deze gebouwen zijn voor mensen met een be-perking, die willen sporten en bewegen. De bezochte gebouwen, het MFC te Kimsward en Witmarsum en Fysio Witmarsum, scoorden goed. Slechts op een paar punten was nog verbetering mogelijk.

We hebben advies gegeven over de **Wmo-verordening voor de nieuwe gemeente** en er daarbij op gelet dat de voorzieningen die er zijn, niet slechter worden. Nu kan de gemeente dit niet helemaal zelf bepalen. De bezuinigingsplannen uit den Haag voorspellen wat dit betreft niet veel goeds voor juist de zwakkeren in de samenleving.

Wat is de Wmo ook al weer?

De Wmo regelt, dat mensen, die hulp nodig hebben in het dagelijks leven, ondersteuning krijgen van hun gemeente. Het gaat om voorzieningen als hulp in de huishouding, een rolstoel of een woningaanpassing. Deze wet ondersteunt ook de mensen, die zich inzetten voor hun medemens of buurt, zoals mantelzorgers en vrijwilligers. De wet is er ook om activiteiten te stimuleren die de onderlinge betrokkenheid in de wijken en buurten vergroten. Maar ook ondersteuning om te voorkomen dat mensen zwaardere hulp nodig hebben, zoals opvoedingsondersteuning en activiteiten tegen eenzaamheid. De Wmo-adviesraden zijn ingesteld om de gemeente hieromtrent te adviseren.

De Wmo-adviesraad Wûnseradiel bestaat uit de volgende leden:

H. Oudenhooven - Witmarsum, CG-raad/WVG

M. Baarda - Witmarsum, kerken

N. van Vliet - Makkum, ouderenbonden

A. Cuperus – Witmarsum, mantelzorgers

T. Horjus – Makkum, ouderenbonden

E. Goebel – Makkum, Ned. Vereniging voor Blinden en Slechtzienden

E. van Popta – Pingjum, ouderenbonden

Om uw belangen nog beter te kunnen behartigen, horen we graag uw ervaringen met de Wmo, positief of negatief. U kunt ons bereiken op tel.nr. 0517 – 531 996 of e-mail marijkebaarda@ziggo.nl.

Voor het aanvragen van WMO-voorzieningen kunt u terecht bij het WMO-loket in Bolsward.

De Wymerts 7, tel.nr. 0515-534 999 of via e-mail zorg@isdzwf.nl.

Wûnseradiel finito..

It rint al aardich op nei 1januarje , it begin fan de nije gemeente [ferearst noch Súdwest Fryslân]. In begin is ek it ein earne oars fan, it dit gefal de gemeente Wûnseradiel.

It is telet om der no nochris te redetwisten oer it feit as it wol of net wêze moatten hie, mar feit is dat nei 750 jier Wûnseradiel as grietenij ophâld fan bestean.

Omrint 1170 hinne [de Alderhilligenfloed] bestie Wûnseradiel nei aller warskynlichkeit al. Lit ik my fersichtich útdrukke, min seit dat Wûnseradiel san 750 jier bestien hat, wat in tiidrek!

750 jier, wer praat men dan oer, yn in tiid dat West Fryslân noch oan it hjoeddeistige Fryslân fêst siet. Dat de allinne de mûntsen lêze en skriuwe koene ,it liuwen diel fan de ynwenners noch yn hûzen of limen hûsen libben.

O.k tiden ha tiden, mar it is al frjemd dat der goed 700 jier nea in weryndieling plak fûn hat en no soend in tsiental jierren der al in twadde weryndieling plak fynt.

Histoarisil harren it hier útklauwe, Wunseradiel fan de kaart gekkepraat is wierheid wurden. Lokkich kin we no fêstlizze dat it iens bestien hat, fêstlizze yn de geskiedskriuwing. We mochten in bytsje meitinke yn de namme, mar net sels wat betinke. Sa fier giet de ynspraak net mear, demokratie is de minst kweade foarm fan regearen.

De nije regearders moat we in soad wiisheid tawinskje, om dizze nieuwe gemeente hannen en fuotten te jaan. Út namme fan it bestjoer fan de FNP Wûnseradiel wol ik alle minsken betankje dy op ús partij stamt ha. De FNP hat noch nea sa folle te sizzen hân.



Ik bin der wis fan dat jim minsken harren bêst dwaan sille om der wat fan te meitsjen. Se ha de hollen al setten nei de takomst.

Nochris tige tank foar jim stim.

Cees Nieboer, Anneke Feenstra, Jehannes Dykstra Fnp !! Tsjerkwert.

SNYPSNAREN

- De skoalle is dan wer grien mar it sit net altyd mei: ferline jier moast de krystmusical ôflast wurde fanwege tefolle snie, dit jier wie der in krystdiner mar gjin iten...
- De Waltawei hat noch gjin asfalt toplaach mar wy kinne de dyk alwer brûke. Dat wurdt noch wat foar de auto fan Hinke en Marten: dy stiet al sûnt oktober yn it hok. Dy mei net smoarch wurde tink. At se al fuort moatte brûke se gewoan de auto fan in oar...
- Gjettje hie muoite mei de ferljochting op it sportfjild: Tefolle Ijocht is net goed. No wennet sy op Dyksicht en dêr is it har wer te tsjuster...
- Akky krike tillefoan fan Piet Paulusma. Hy woe delkomme foar opnames. Akky leaude der neat fan, mar hat dochs it hiele doarp optrommelle en sa kaam eltsenien op tv foarby.
- Oan de útdrukking op it gesicht fan Bertus W. te sjen leaut hy echt niks fan wat Piet fertelt.
- Hotske wie der ek by en wie sa ûnder de yndruk fan Piet dat sy, doe se nei hûs sta gong, har soan hielendal fergeat mei te nimmen....
- Karin H. woe ek by Piet op televysje, sy wie wat aan de lette kant; doe't sy kaam sei Piet: "Oant moarn!"
- Einliks wer ris âlderwetsk prikslydzjen op de iisbaan. De iisclub seach der ek prachtich âlderwetsk út, no ja, mei útsondering fan dye iene dan.
- Der komme hieltyd mear bûtenlanners yn Nederlân. De famylje Koster hat de rollen omdraaid en sy passe harren hielendal oan: harren namme is no Fam. Lalmohammed. At jo it net leauwe dan sjoggje jo mar efkes yn de nije tillefoangids. (Dêr ha wy him wer! De redaksje lêst alles dus, ek no noch.)
- Jehannes D. wie wer ris hastich; hy kaam út Boalsert mei de auto mei feetrailer en de fonken sloegen der út. Of wie hy fergetten om de klep omheech te dwaan?
- Evert R. houde dat hy de skriener wort. Krijnisse, dan knasjylân hei moai al syn bestjoersaktiviteiten ôfronde. Helaas Evert, do moast hòch mar efkes trochsette.



Verwen je voeten, welkom bij de pedicure

Luister naar uw voeten, pijnlijke voeten zijn niet normaal, verdring de pijn aan uw voeten dus niet... maar doe er wat aan!

Voor een afspraak kunt u contact opnemen met:

Richtje Hiemstra-Boersma
Van Panhuysweg 6
8765 LH Tjerkwerd
Telefoon: 0515-577013
Mobiel: 06-23211674
Email: richtjehiemstra@live.nl



Nu met aantekening diabetische voet, reumatische voet en schimmeldiagnostiek.



Miedema Lighting Besparingstechniek

Voor al uw energie zuinige verlichting en installatie aanleg kijk voor meer info:

www.spaarlampen.eu 06-25146668

Kopij foar it nije nûmer
graach foar 6 maaie 2011
nei

mjryedema@hetnet.nl



WINTERAANBIEDINGEN

MACHINEHANDEL DIJKSTRA

IN- EN VERKOOP - Onderhoud/reparatie van machines
gespecialiseerd in tuin-, park- en wegenbouwmachines



.....KACHELS EN HEATERS.....
HET IS WINTERTIJD, WIJ ZORGEN VOOR
UW WARMTE
TEVENS VOOR AL UW ONDERHOUD EN ONDERDELEN



Heaters, gas of dieselolie gestookt, met of zonder thermostaat
diverse merken leverbaar.

MDT
Industriepark 13
8701PN Bolsward
0515-577370
www.mdtbolsward.nl



Wij wensen u een warm 2011 toe!!!